

TRYATER

Tryater siket: PRODUKSJELEIDER

Per 1 septimber 2024
(Foar fjouwer dagen wyks - 0,8 FTE)

Tryater is it meartalige teäterselskip fan Fryslân en makket diel út fan de lanlike kulturele basisynfrastruktuer. We spylje mear as 270 grutten lytsskalige foarstellingen yn 't jier, foar sa'n 25.000 besikers: bern, jongeren en folwoeksenen. Mei Ljouwert as útfalsbasis sjochst ús yn hiel Fryslân en ek dêrbûten. Yn teäters en doarpen, yn skoallen en op lokaasje. We bringe nije ferhalen, ticht op 'e hûd fan ús publyk. Mei alle ûnderfining sûnt ús oprjochting yn 1965 en mei alle ynspiraasje en enerzjy fan it jonge talint dêr't we mei wurkje.

Om it team dat oan 'e produksjes foar folwoeksenen wurket fuort te sterkjen siket Tryater in Produksjeliider. Dizze wurket ûnder oaren krekt gear mei it haad Produksje en it haad Technyk, ûnderhâldt kontakt mei akteurs, gearwurkingspartners en oaren en soarget sa foar de profesjonele realisaasje fan ús foarstellingen.

TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

Do hâldst dy dwaande mei ûnder mear:

- it opstellen fan repetysjeplanningen en draaiboeken;
- it trochrinnend ynformearjen fan en kommunisearjen mei akteurs en it artistike team;
- it plennen, bywenjen en notulearjen fan produksjegearkomsten;
- it oanstjoeren en koördinearjen fan it produksjeproses.



De taken en ferantwurdlikheden hingje altyd ôf fan de aard en grutte fan in projekt. Dit makket it wurk tige ôfwikseljend en dynamysk!

DYN PROFYL

- Do bist assertyf, iepen en kommunikatyf;
- Do bist fleksibel: bist ree om yn it wykein en yn 'e jûnsoeren te wurkjen;
- Do sjochst yn elts probleem in útdaging, en witst dit ek ynventyf op te lossen;
- Do kinst prioriteiten stelle en oersjoch hâlde en bist by steat rêstich te bliuwen yn komplekse situaasjes;
- Do bist goed bekend mei Word en Excel;
- Do bist yn it besit fan in rydbewiis B;
- Do kenst de Fryske taal op syn minst passyf, of bist entûsjast hjir mear oer te learen.

Wurkûnderfining yn in funksje lykas dizze of in oplieding yn dy rjochting wurde wurdearre mar de funksje stiet ek iepen foar minsken dy't op in oare wize de nedige feardichheden leard hawwe en/of minsken dy't har op dat mêd noch oan it ûntjaan binne.

Mei ús foarstellings sprekke we in brede doelgroep oan. Dêrom sjogge wy ferskaat ek graach werom yn ús persoanielsbestân. Wurkje yn divers gearstalde teams makket ús effektiver, ynnovativer en it wurk noflikker.



TRYATER

WAT BIEDT TRYATER

Wy biede in ynspirearjend wurkplak mei ûntwikkelmooglikheden yn 'e takomst. Tryater is in dynamyske organisaasje, mei noflike kollega's en in ynformele wurksfear.

De funksje is foar fjouwer dagen yn 'e wike, de dagen datst wurkest binne yn oerlis.

Tryater hantearret de CAO Theater en Dans, de funksje fan Produksjelieder falt yn skaal 6. We biede in kontrakt foar in jier mei by goed funksjonearjen sicht op ferlinging en op termyn in fêste oanstelling.

Bist entûsjast wurden nei oanlieding fan dizze fakatuere? Stjoer dan foar 15 juny 2024 dyn cv mei koarte motivaasje nei info@tryater.nl.

Foar fragen oer dizze funksje kinst kontakt opnimme mei Ekko de Bakker (haad Produksje) fia e.debakker@tryater.nl

Der sille twa sollisitaasjepetearronden wêze. De earste petearen hawwe plak op 20 en 21 juny, de twadde petearen hawwe plak op 24 of 25 juny. Op 27 juny is der in petear oer arbeidsfoarwearden ensafuorthinne. Set dizze datums alfêst yn dyn aginda!

